| Namme | Eintermen | | | | | | | | | | | | | | | | | | Tiid | Omskriuwing |
|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|
| Doch!: SjONG | 1 | 2 | 3 | 4 | 5 | | 7 | | | | | 12 | | 14 | | | | 18 | 3-4 oeren | Programma yn fjouwer stappen oer muzyk en it skriuwen fan in Frysk nûmer. |
| Doch!: De Lêsklup* | 1 | 2 | 3 | | 5 | | | | | | 11 | | | | 15 | | | | 6-7 oeren | Yn groepkes in boek lêze, beprate en ferwurkje (yndividueel en mei de groep). |
| Doch!: De Keet | 1 | | | 4 | | 6 | | | | | | | | | | 16 | | | 11-13 oeren | Tsien ôfleveringen fan hast in healoere elk, mei fragen. Folge troch in skriuwopdracht, in klassepetear en in evaluaasje. |
| Doch!: Moaiste boek | | | 3 | | 5 | 6 | | | | | 11 | | | 14 | | | | | 3-4 oeren | Yn fjouwer stappen besjen fan berneboeken en opsette (en útfiere) fan boekpromoasje op basisskoalle. |
| Doch!:  Dokumintêres | 1 | | | | | | | 8 | 9 | 10 | | | | 14 | | | | 18 | 1-2 oeren | Karút trije dokumintêres (healoere elk), mei persoansfoarmjende fragen of skriftlike ferwurking. Eintermen ôfhinklik fan keazen doku. |
| Doch!: Praat mar Frysk | | 2 | 3 | | 5 | | 7 | | | | | | | | | | | | 2-3 oeren | Yn fjouwer stappen oefenje mei tematyske petearen fiere, folge troch it útfieren en filmjen (op lokaasje) fan selsskreaun petear. |
| Doch!: It Feest | 1 | | | 4 | 5 | | | | | | | | | | | 16 | | | 4-5 oeren | Hânfol ferskate skriuwopdrachten, folge troch it opsetten en skriuwen fan in koart ferhaal. |
| Doch!: De flier op! | 1 | 2 | 3 | | 5 | | | | | | | 12 | | 14 | | | | 18 | 5-6 oeren | Fjouwer lessen oer Frysk toaniel, mei ymprovisaasje-oefeningen dertroch. Dêrnei opsjonele útfiering fan Fryske ienakter 'Apen en Bearen'. |
| Doch!: Frysk yn bedriuw | | | 3 | 4 | 5 | 6 | | 8 | | 10 | 11 | | | | | | 17 | | 3-5 oeren | Undersyk dwaan nei Fryske taal binnen in bedriuw, opsette ferbetterplan. Opsjoneel: betinke fan reklame-utering. |
| Doch!: KRIICH | 1 | | | 4 | 5 | | | 8 | | 10 | | 12 | | 14 | | | | | 1-2 oeren | By de koarte film 'KRIICH'- 28 fragen, in skriuwopdracht en in kreative ferwurking. |
| Lear!: Hark en Sjoch ** | 1 | | | | | | | | | | | | | 14 | | | | | 1-2 oeren | By de dokumintêre 'Dit is ús taal!' (30 minuten) - 26 hark-/sjochfragen. |
| Lear!: Taalfeardigens Frysk boppebou | 1 | | | | | | 7 | | | | | | | | | 16 | | | trochrinnend | In selstest, folge troch in protte oefeningen en inkelde staveringstoetsen en skriuwopdrachten. |
| Lear!: Dat is moai Frysk! | | 2 | 3 | 4 | | 6 | 7 | | 9 | | | | | | | | | | 6 oeren | Seis lessen, ien foar elk haadstik fan it boekje 'Dat is moai Frysk!' - elk mei in ferskaat oan oefeningen. |
| Lear!: Lêsfeardigens (eksamen) | | 2 | | | | | 7 | | | | | | | | | | | | 6 oeren + oefenjen | Seis lessen eksamentrening, oanfolle mei âlde eksamens om mei te oefenjen. |
| Undersykje!: Taalfariaasje | 1 | 2 | 3 | 4 | | 6 | 7 | 8 | 9 | 10 | | | | | | 16 | 17 | | 4 oeren + ûndersyk ensfh. | Fjouwer lessen oer taal, folge troch in ûndersyksopdracht, presintaasje en feedback jaan. |
| Undersykje!: WikiWomen | 1 | 2 | | 4 | | | | | | | | 12 | | | | 16 | | 18 | 5-6 oeren + ekstern wurk | Projekt yn fiif stappen oer it skriuwen fan in Wikipedy-artikel (biografy) oer in frou. |
| Undersykje!: Fryslânkunde | 1 | 2 | | | | | | | | | | 12 | | 14 | | 16 | | 18 | Eigen ynsjoch. | Karút acht ûnderwerpen (fjouwer sport, fjouwer natuer) om ûndersyk nei te dwaan. |
| Undersykje!: Literatuerskiednis | | 2 | | 4 | | | | | | | 11 | 12 | 13 | 14 | 15 | | 17 | | Eigen ynsjoch. | Tsien 'Finsters' mei ynformaasje út Salang't de beam bloeit en byhearrende opdrachten. |
| Oare learmiddelen: De Krater | | 2 | | 4 | 5 | | | | | | | | | | 15 | | | | Eigen ynsjoch. | Trije tematyske lesbrieven by it boekje dat as Boekewikegeskink útdield is yn 2025. |

* allinnich vmbo 3/4

** ferskillende toetsen foar v3/4 en hv

**Eintermen:**

| | | |
|---|---|---|
| A. Taal leare en brûke | | **A1 Reseptive taalfeardigens** |
| | 1 | De learling lit it begryp sjen fan de ynhâld fan auditive en audiofisuele Frysktalige boarnen. |
| | 2 | De learling lit it begryp sjen fan de ynhâld fan skriftlike Frykstalige teksten. |
| | | **A2 Produktive taalfeardigens** |
| | 3 | De learling praat Frysk, ôfstimd op doel, publyk en kontekst. |
| | 4 | De learling skriuwt Frysk, ôfstimd op doel, publyk en kontekst. |
| | 5 | De learling brûkt de Fryske taal op in kreative wize. |
| | | **A3 Ynteraksje** |
| | 6 | De learling hâldt petearen yn de Fryske taal om ynformaasje te krijen en mienings út te wikseljen. |
| B. Taalbewustwêzen | | **B1 Taal as fenomeen** |
| | 7 | De learling lit ynsicht sjen yn skaaimerken fan de Fryske taal. |
| | 8 | De learling lit ynsicht sjen yn de posysje fan de Fryske taal yn de meartalige maatskippij. |
| | | **B2 Taal en yndividu** |
| | 9 | De learling lit ynsicht sjen yn taalferoaring en taalfariaasje yn de Fryske taal. |
| | 10 | De learling reflektearret op eigen taalkar en dyn fan oaren binnen de meartalige sitewaasje yn Fryslân. |
| | 11 | De learling leit ferbannen tusken ûnderfinings, persoanlike ynteresses en kwaliteiten, ferfolchopliedings en takomst. |
| C. Kultuerbewustwêzen | | **C1 Frysk erfgoed** |
| | 12 | De learling lit ynsicht sjen yn it materiële en ymmateriële erfgoed fan Fryslân. |
| | 13 | De learling lit ynsicht sjen yn de Fryske literatuer fan no en earder. |
| | | **C2 Kultuerbelibbing** |
| | 14 | De learling docht ûnderfining op mei Fryske kultueruterings. |
| | 15 | De learling docht ûnderfining op mei Frysktalige jongereinliteratuer en ferwurdet persoanlike foarkar. |
| D. Skriuwferdjipping | | |
| | 16 | De learling skriuwt Frysktalige teksten en reflektearret op de eigen skriuwfeardigens. |
| E. Taalûndersyk | | |
| | 17 | De learling docht ûndersyk nei ûnderwerpen dy't relatearre binne oan de Fryske taal. |
| F. Kultuerûndersyk | | |
| | 18 | De learling docht ûndersyk nei ûnderwerpen dy't relatearre binne oan de Fryske kultuer |